

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Klaas Fokkinga
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Fia ferskate kanalen berikke ús berjochten dat guon doarpshuzen en wykgebouwen yn 'e knipe komme troch de corona-krisis en dêrmei in grut part fan harren ynkomsten ferlern giet. Ynkomsten dy't faaks ó sa wichtich binne om de eksploitaasje en de begrutting rûn te krijen.</p> <p>De provinsje hat in ferskaat oan ynstruminten lykas it besteande lepen Mienskip Fûns (IMF) mei dêryn de doarpshuzen-regeling. Dat binne ynstruminten dy't de leefberens befoarderje. Yn dizze tiid stiet njonken de ekonomyske struktuer ek de sosjale struktuer swier ûnder druk.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it kolleezje derfan op 'e hichte dat guon doarpshuzen en wykgebouwen it dreech hawwe troch dizze krisis en dêrtroch it fuortfallen fan ynkomsten?</li><li>2. Is it kolleezje it mei ús iens dat doarpshuzen en wykferienings in grutte betsjutting hawwe yn de sosjale ynfrastruktuer fan Fryslân yn sawol doarp as stêd?</li><li>3. Sjocht it kolleezje krekt as ús ek dat no't doarpshuzen en wykgebouwen net yn oanmerking komme foar de kompensaaasje fan it Ryk út (dêr't bygelyks de horeka wol oanspraak op meitsje kin), der in grut risiko is foar de 'húskeamers fan Fryslân'?</li><li>4. Is it kolleezje it mei ús iens dat de horeka no diels kompensearre wurdt troch it Ryk, de sportfoarsjennings ûnder gemeentlik foech falle mar der foar doarpshuzen en wykgebouwen ek in rol foar de provinsje is? Ek al omdat dy faak mei IMF jilden opset binne?</li><li>5. Sjocht it kolleezje ek mooglikheden om sokke stipe te bieden fanút de besteande jilden fan it IMF en de betingsten fan it IMF oan te passen, of mooglik in oar ynstrumint yn te setten om de doarpshuzen en wykgebouwen en harren funksje te stypjen yn dizze tiid? Sa ja, hoe dan?</li></ol>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP Sijbe Knol
Datum	1 april 2020